

D / N G

T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

Ta in 'Lanlike Kennistafel Frysk'

Advysnotysje oangeande de ynfolling fan de soarchplicht foar de fitaliteit fan de Fryske taal

D / N G

T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

Ta in 'Lanlike Kennistafel Frysk'

Advysnotysje oangeande de ynfolling fan de soarchplicht foar de fitaliteit fan de Fryske taal

Oktober 2024

Gearfetting

Is in lanlike kommisje of oerlistafel oangeande de Fryske taal yn De Haach winsklik, en hoe soe soks dan staljûn wurde kinne? Sa it advysfersyk fan de Minister fan Ynlânske Saken oan DINGtiid, yn 2023. Dizze advysnotysje jout antwurd op dy beide fragen.

Om mei de earste te begjinnen: ja, sa'n oerlistafel is perfoarst winsklik. Mei de ûndertekening fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden (1996) en it ynstellen fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014) ûnderkende Nederlân dat it Frysk in nasjonale taal is yn Fryslân, en dat dy taal beskerming en befoardering nedich hat. Us oerheden ha dêrmei de soarchplicht op har naam foar de fitaliteit fan it Frysk as Rykstaal. Yn it ferline waard oangeande dy soarchplicht foar de fitaliteit benammen delegearre nei de Provinsje, mar yntusken is lanlik de politike winsk ûntstien om dêr as Ryk sels ek better en duorsumer ynfolling oan te jaan. Dat is ek nedich, want it Frysk hat noch altiten in ûndergeskikte posysje yn it iepenbiere libben fan Fryslân, en gauris hat benammen – of sels allinne – it Ryk mooglikheid of foech om de situaasje foar it Frysk te ferbetterjen. Boppedat is it Ryk de oerheid dy't, yn gearwurking mei de Provinsje, oan de Ried fan Europa ferantwurdiging ôfleit oer de ymplementaasje fan de Hânfêstbepalings. Om al dy redenen moat yn De Haach de ferantwurdlikheid foar de Rykstaal Frysk in struktureel beliedsûnderwerp wêze, mei as fûnemint de fraach: hoe follet it Ryk syn soarchplicht foar de fitaliteit fan it Frysk op it stuit yn, en wêr soe dat noch better kinne?

Hokker kontoeren soe sa'n oerlispunt krije moatte? Krúsjaal is dat it ekstra saakkundigens ynbringt, dêr't de Minister op te seil gean kin by it tarieden fan Ryksbelied oangeande it Frysk – in 'kennistafel'. Boppedat moat der in dúdlik ramt wêze en moatte binnen dat ramt besteande struktueren ynset wurde yn stee fan nijen optúgd. It dúdlike ramt en in besteande struktuer foar de kennistafel biedt de rapportaazjesykus fan it Europeesk Hânfêst. Troch de ynset fan de kennistafel te keppeljen oan de oanrikkemandaasjes fan de *Committee of Experts* en oan de BFTK, dêr't dy oanrikkemandaasjes úteinliken yn ymplementearre wurde, krijt it Ryk in stik ark ta syn foldwaan om de trochwurking fan beskate Hânfêstbepalings fierder te optimalisearjen. Sa kin de Minister better en flugger prioritearje en wurdt it opfolgjen fan de oanbefellings makliker. It sil boppedat ta positivere Europeeske evaluaasjes liede. En benammen: it fersterket de kânsen foar it Frysk.

Ynhâldsopjefte

Ynlieding	4
Oanrin	4
Advysfersyk	5
Proses	6
Europeesk perspektyf	7
Yntegraliteit	7
Kaai yn hannen	7
‘Soarchplicht foar de fitaliteit’	8
Europeeske rapportaazjesyklus	9
Krêft en swakte	10
Ta in ‘Lanlike Kennistafel Frysk’	12
Winsklikheid en doel	12
Taakopfetting en posisjonearring	13
Ferhâlding ta DINGtiid	14
Gearstalling en wurkwize	15
Gearstalling	15
Ynput & Output	17
Gearkomsten	18
Opfolging	18
Wurkplan en rintiid	18
Ofslutend	19

1 Ynlieding

Oanrin

Der barde wat bysûnders yn 2022. It Frysk krige ynienen lanlike oandacht op in wize dy't nei de ûndertekening fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden (hjinnei: Europeesk Hânfêst) yn 1996 eins net mear sjoen wie. Dy oandacht wie boppedat op ferskate mêden. It Ryk sleat in 'Sichtberensakkoart Frysk' mei de Provinsje Fryslân.¹ De Minister fan Ynlânske Saken (BZK) kaam nei Ljouwert om yn de Steateseal de 'Rede fan Fryslân' út te sprekken.² Midsiuwske Fryske rjochtshânskriften krigen in nasjonale UNESCO-status.³ En it hichtepunt, en tagelyk in primeur yn de Nederlânske parlemintêre skiednis: der wie in twatalich Twadde Keamerdebat oer de Fryske taal, op 8 desimber 2022; de tolve moasjes dy't dêrby yntsjinne waarden, waarden breed oannaam.⁴

En yn 2023 en 2024 waard de lanlike oandacht neat minder. In KNAW-kommisje ûndersocht de situaasje en kânsen foar de akademyske frisistyk.⁵ Der wie in symposium yn De Haach oer 25 jier Europeesk Hânfêst, mei de parlemintsfoarsitter fan de Ried fan Europa (RfE) as sprekker.⁶ De Twadde Keamer organisearre in twatalich rûnetafelpetear oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK, 2024-2028), dat late ta tsientallen ynhâldlike skriftlike Keamerfragen oan it regear.⁷ De Minister stjoerde in Frysktalige Keamerbrief oangeande it Wurkprogramma fan DINGtiid, op BZK-briefpapier mei in Frysk sjabloon.⁸ Yn maart 2024 waard yn de Twadde Keamer debatearre mei de Minister fan OCW oer de boarging en strukturele Ryksfinansiering fan it Frysk yn it universitêr ûnderwiis; healweis it debat hold in nij Twadde Keamerlid in 'maiden

1 <https://www.rijksoverheid.nl/actueel/nieuws/2022/04/25/minister-bruins-slot-ondertekent-zichtbaarheidsakkoord-friese-taal>.

2 https://cuatro.sim-cdn.nl/fryslan/uploads/rede_van_fryslan_bruins_slot_2022.pdf.

3 <https://www.unesco.nl/nl/nl-memory-world-register/richthofenkolleksje>.

4 https://www.tweedekamer.nl/debat_en_vergadering/plenaire_vergaderingen/details/activiteit?id=2022A09362. Op 24 novimber 2022 wie al in wichtige en ynfloedrike moasje (36200-VII-96, yntsjinners: De Hoop & Van der Molen) oannaam, oer it boargjen fan Frysk universitêr ûnderwiis.

5 <https://www.knaw.nl/nieuws/knaw-advies-investeer-een-bachelor-fries-met-voldoende-ondersteuning>.

6 <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijjs/1201698/neilibjen-hanfest-minderheidstalen-ek-nei-25-jier-saak-fan-lytse-stapkes-foarut>.

7 Keamerstik 36200-VII-174, <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023D43612&did=2023D43612>.

8 <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/detail?id=2023D51610&did=2023D51610>.

speech' dy't foar in part Frysktalich wie.⁹ Yn juny skreau demisjonêr Minister fan OCW Robbert Dijkgraaf, ek wer yn it Frysk, yn reaksje op in advys fan DINGtiid, dat er posityf stie tsjinoer it ratifisjearjen fan in nije bepaling yn it Europeesk Hânfêst – wat in novum wêze soe sûnt de ûndertekening yn 1996.¹⁰ En yn oktober 2024 die earst de Minister fan BZK de rinde lâns ús taalkennisynstituten, in wike letter folge troch kening Willem-Alexander.

Al dy lanlike oandacht foar it Frysk waard en wurdt fuorre troch politike, bestjoerlike en maatskiplike ûntjouwings. Fan grutte ynfloed wie de oanrin nei de nisneamde BFTK (2024-2028), mar ek de 7^e rapportaazje fan de Committee of Experts (ComEx, rapportaazje ferskynd yn novimber 2022) fan de RfE.¹¹ In katalysator wie ek de nuodlike situaasje oangeande it universitêr Frysk ûnderwiis, dy't yn 2022 oan de oerflakte kaam en dy't de rige Twadde Keamer moasjes oangeande it Frysk op gong brocht.

Advysfersyk

Nei oanlieding fan moasje 36200 VII 132 d.d. 8 desimber 2022 (yntsjinners: Bevers & Van der Molen, sjoch noat 4) hat de Minister fan BZK – nei in bestjoerlik oerlis mei DINGtiid op 22 maart 2023 – op 5 july 2023 it skriftlik fersyk oan ús dien om, ûnder oaren, te advisearjen oangeande in lanlike kommisje Frysk.¹² Konkreter sein wie it fersyk:

- om in ferkenning út te fieren nei de mooglike ynstelling fan in lanlike kommisje Frysk;
- om dêrby yn alle gefallen te sjen nei it doel en de ynhâldlike aginda fan sa'n kommisje;
- om de ferhâlding ta besteande advysgrema en oerlisstrukturen op it mêd fan it Frysk te beskôgjen;
- om te advisearjen oer de winsklike gearstalling en it juridysk foeh; en
- om nei te tinken oer wurkôfspraken (lykas gearkomfrekwinsje).

9 Aant-Jelle Soepboer, <https://debatdirect.tweedekamer.nl/2024-01-16/financien/plenaire-zaal/vaststelling-van-de-begrotingsstaten-van-het-ministerie-van-onderwijs-cultuur-en-wetenschap-viii-voor-het-jaar-2024-36410-viii-16-15/onderwerp>.

10 <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2024/06/03/adviesbrief-dingtiid-i-v-m-onderzoek-fries-in-het-mbo-en-brief-aan-dingtiid-in-reactie>.

11 <https://rm.coe.int/netherlandsecrm17-en/1680aa8930>.

12 https://www.tweedekamer.nl/debat_en_vergadering/plenaire_vergaderingen/details/activiteit?id=2022A09362.

Dêr hat de Minister oan taheakke dat oandacht foar de Rykssoarchplicht foar de fitaliteit dêrby winsklik is (sjoch ek hjirûnder, by *'Soarchplicht foar de fitaliteit'*). DINGtiid hat it fersyk op 18 july 2023 oannaam, en der plak foar ynomme yn syn wurkprogramma;¹³ dizze advysnotysje is de delslach derfan.

Proses

Yn oanrin nei dizze advysnotysje hat DINGtiid petearen fierd mei amtners fan BZK en fan de Provinsje Fryslân, mei (âld-)Twadde Keamerleden en Steateleden, mei it Fryske kolleezje fan DS en mei persoanen út it maatskiplik fjild fan it Frysk. It die bliken dat der gjin twa gelikense opfettings wienen oer wat de opdracht en de winsklike gearstalling fan sa'n gremium wêze moatte soenen. In foarm dêr't alle opfettings en winsken lykweardich yn betsjinne wurde soenen, koe DINGtid net fine. Wat wol dúdlik waard, wie dat nimmen in al te grut gremium woe, dat elk ûnderskreau dat bestjoerders en folksfertsjintwurdigers net oan deselde tafel plaknimme kinne, en dat it oerlis tsjinje moat om úteinlik de posysje fan it Frysk en de belutsenheid fan it Ryk dêrby te befoarderjen. Mei dy útgongspunten, en mei de ynsjoggen dy't we yn de rige petearen opdien ha, is DINGtiid mei it skriuwen fan dizze notysje úteinset. De notysje moat sjoen wurde as in goed trochtocht foarstel dat lykwols yn in breder fermidden fierder bepraat wurde moatte sil om draachflak te krijen oangeande de ûnderskate fraachstikken dy't dermei gearhingje (bgl. beminsking, agindearring, evaluaasje) en om, nei eventueel oanpassen, ta útfiering oer te gean.

13 Sjoch foar it advysfersyk en it Wurkprogram: <https://dingtiid.fr/wurkprogramma-2024-2025/>.

2 Europeesk perspektyf

Yntegraliteit

Yn Fryslân wurdt de fersterke politike oandacht yn De Haach foar it Frysk sa't dy yn de Ynliding sketst is, en benammen ek de oanwinnend konstruktive hâlding fan de Ministearjes dêrby – BZK as koördinearjend ministearje foarop – mei goedkar en wurdearring ûntfongen. Der is fanút De Haach de ôfrûne pear jier folle adekwater en konstruktiver as yn it ferline hannele en reagearre as it giet om de eigen ferantwurdlikheid foar it Frysk. Dat is in goede ûntjouwing, dy't beethâlden en útbouwen fertsjinnet. Want it patroan dat it Frysk faak behannele of field wurdt as ûndergeskikt oan de Rykstaal Nederlânsk, sit djip ynsliten. It feit dat we yn alle oerheidslagen – lokaal, provinsjaal, nasjonaal – taalbelied hantearje wolle en moatte om it Frysk te befoarderjen, is dêr it bewiis fan.

By it taalbelied fan de oerheden is dus sprake fan ûnderskate lagen. Logysk ek, want it Fryske taalbeliedsdossier is in yntegrale kwestje, dêr't neist it Ryk ek de Fryske gemeenten en, benammen, de Provinsje Fryslân mei anneks binne en ferantwurdlikheid foar drage. Yn de praktyk is de Provinsje it draaipunt, dat oan de iene kant skeakelet mei de gemeenten – tink benammen oan it bestjoerlik oerlis 'Mei-inoar foar it Frysk' – en oan de oare kant mei it Ryk, dêr't se de fiifjierrlikse BFTK mei oerienkomt. Ek yn dy bestjoerlike struktueren is oars dúdlik sprake fan lagen: Europeesk Hânfêst > BFTK > 'Mei-inoar foar it Frysk'.

Kaai yn hannen

Puer formeel sjoen is it lykwols net de Provinsje, mar it Ryk dat it draaipunt is tusken Europa en Fryslân. Ommers, de measte saken dy't foar it Frysk formeel regele binne of wurde yn wetten of bestjoersôfspraken, komme úteinlik fuort út Europeeske ferdragen dy't Nederlân ûnder tekene hat. Oan de iene kant is der it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden, troch Nederlân ratifisearre yn 2005, dat in soad bepalings hat dy't oan taal reitsje. Mar benammen is fan belang, want folle konkreter oer taal: it Europeesk Hânfêst. It Frysk falt ûnder Diel III fan it Hânfêst, it meast ambisjeuze part. Yn de Europeeske kontekst giet it om it "beskermjen & befoarderjen" (*to protect & promote*) fan it Frysk. Nettsjinsteande de niisneamde yntegrale ferantwurdlikheid foar it Frysk en de praktyske situaasje mei de Provinsje yn it middelpunt, is wol deeglik de Ryksoerheid de *primus inter pares* yn de Europeeske kontekst, as de autoriteit dy't it Europeesk Hânfêst wat it Frysk oangiet

ratifisearre hat. It Ryk hat boppedat de kaai ta suksesfolle ymplementaasje fan in protte Europeeske bepalings yn hannen, en rapportearret dêr úteinlik oer oan de RfE. Oft it no giet om it plak fan it Frysk yn de opfang, yn it mbû, yn it universitêr ûnderwiis, yn de rjochtbank, by Rykstsjusten of oarsearne, it Ryk is gauris de earstbelutsen oerheid. Dat kin wêze om't it Ryk jilden takent, it wetlik foech hat of domwei it goede foarbyld jaan kin. Dat lêste is oars net te ûnderskatten, want it Ryk moat útdrage en sjen litte dat it it Frysk as Rykstaal like serieus nimt as it Nederlânsk as it giet om oerheidskommunikaasje en foarsjennings.¹⁴

Dat betsjut allegearre net dat it Ryk ek altiten hannelet op de wize dy't past by de status fan it Frysk as Rykstaal. Fan flakdekkende lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk yn Fryslân is gjin sprake, wat foar in part oan de Friezen sels leit, mar foar in part ek te krijen hat mei de wize dêr't op lanlik nivo ynfolling op jûn wurdt oan de soarchplicht foar de fitaliteit fan it Frysk. As de oerheid it Frysk net werklik en oer alle boegen as lykweardich oan it Nederlânsk behannelet, sil in boarger dat dan wol dwaan? It komt dus, lykas niis sein, ek oan op it goede foarbyld jaan, *'leading by example'*. Boppedat sil it fan de gearhing yn it Ryksbelied oangeande it Frysk en fan de boarging fan dat belied foar de langere termyn ôfhingje oft sokke lykweardigens stadich mar wis tichterby komt.

'Soarchplicht foar de fitaliteit'

Hjirboppe waard it begripepear *"to protect & promote"* neamd. Dat beskermjen & befoarderjen kin men ek oars formulearje, en dat is ek wat de Twadde Keamer, al of net bewust, dien hat. Yn twa ûnderskate moasjes hat de Keamer de Minister oproppen om him/har te bekroadzjen oer de soarchplicht (oftewol: it beskermjen) en oer de fitaliteit (oftewol: it befoarderjen). Dat dy saken mei-inoar te krijen ha, is dúdlik. Mar hoe krekt? DINGtiid hat him dêrom earst oer de strategyske fraach bûgd oft it al of net winsklik is om dy tema's los faninoar te sjen. We tinke úteinlik fan net, om twa redenen.

Yn it foarste plak soe it skieden fan dy beide tema's betizing jaan, hielendal as men dan ek noch it ynrjochtsjen fan twa ûnderskate tematyske gremia oerwage soe. It is foar de Ryksoandacht foar it Frysk

14 Yn dat ramt is ek it advys dat DINGtiid yn 2020 oan it Ryksregear útbrocht hat, oer it ynfieren fan Frysk taalbelied by Rykstsjusten dy't yn Fryslân aktyf binne, fan belang: <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/rapporten/2020/02/27/casestudy-het-gebruik-van-fries-bij-rijksuitvoeringsorganisaties>.

en de effisjinsje fan beliedsymplemintaaasje fan belang dat de struktueren en ferantwurdlikheden helder bliuwe. As in Minister fan twa kanten benadere wurdt of sels twa kanten út kin mei kwestjes, is it wachtsjen op rûs op 'e line. Dat soarget altiten foar fertraging en frustraasje, en dêr is it Frysk úteinlik perfoarst net mei holpen. Ek de Twadde Keamer soe him hieltiten op 'e nij oriïntearje moatte "hoe't it ek alwer sit" mei dy ferskate kommisjes of oerlistafels, want it Frysk jildt foar de measte Keamerleden net ta de deistige politike realiteit. Dat oriïntearjen kostet tiid en enerzjy, en yn de aldendeiske drokten fan in Keamerlid sil it soargje foar fermindere oandacht foar it Frysk – in tsjinsteld effekt dus.

Mar wichtiger fynt DINGtiid it noch dat soarchplicht & fitaliteit prinsipeel net los faninoar beskôge wurde moatte – sa't ek "*to protect & promote*" as in ienheid yn it Hânfêst opfette wurde moat. It beskermjen fan it Frysk mei nij belied of it better útfieren fan bestead belied betsjut automatysk ek it befoarderjen fan it Frysk. En oarsom: as men it Frysk befoaderet, wurdt it better beskerme.

Om beide termen al sichtber te hâlden en dêrmei dochs yn 'e mjitte te kommen fan de winsk fan de Twadde Keamer kiest DINGtiid derfoar om yn it neikommende te redenearen fanút de kombinearre term "soarchplicht foar de fitaliteit" fan it Frysk. Wy tinke dat dêrmei it Europeeske begripepear "*to protect & promote*" goed en praktysk dutsen wurdt, en it ek sa opfette wurde sil yn de evaluaasjes fan de ComEx.

Europeeske rapportaazjesykus

Mei de ComEx keare we werom nei it Europeeske perspektyf. Underdiel fan de ôfspraken dy't Nederlân en Europa foar it Frysk oangien binne, is dat de RfE periodyk evaluearret hoe't de ymplemintaaasje fan de Hânfêstôfspraken (en ek dy fan it Ramtferdrach) oangeande it Frysk ferrint; dat docht de ComEx. Oan dy evaluaasje giet in selsrapportaazje fan it Ryk foarôf, dy't fanút de niisneamde yntegraliteit opsteld wurdt yn nauwe amtlike gearwurking mei de Provinsje Fryslân, en dy't útleit hoe't de ymplemintaaasje fan de Hânfêstôfspraken ferrint. De evaluaasje fan de ComEx wurdt fierder fuorre troch alle oare relevante akkoarten, bestjoersôfspraken, rapporten en advizen (û.o. troch DINGtiid) dy't foar it Frysk opsteld binne, en as lêste troch in wiidweidige konsultaasjeronde yn de foarm fan in fjildbesite, wêrby't ek boargers en maatskiplike organisaasjes dy't foar it Frysk krewearje, gelegenheid ha om by de ComEx harren noeden oangeande it Frysk te uterjen. De ComEx bringt dan in evaluaasje út, mei in tal oanrikkemandaasjes, oan it Komitee

fan Ministers fan de RfE, en dat Komitee giet dan yn kontakt mei it Nederlânske kabinet oer de oanrikkemandaasjes. Oer de útfiering dêrfan wurdt dan wer rapportearre troch it Ryk yn in nije selsrapportaaasje, ensafuorthinne.¹⁵ Sa is de sirkel rûn.

We neame dat de 'Europeeske rapportaazjesyklus', in syklus dy't hieltiten fiif jier duorret. It resintste (7^e) Europeeske evaluaasjerapport is yn novimber 2022 ferskynd (sjoch noat 11).

Krêft en swakte

Nettsjinsteande de yntegrale wurkwise dy't oangeande it Frysk troch de oerheden hantearre wurdt, betsjut it boppesteande dat yn de Europeeske kontekst foar Nederlân it Ryk de einferantwurdlike oerheid is, dy't periodyk rekkenskip ôfleit oer de ymplementaasje fan de ynternasjonale ôfspraken oangeande it Frysk. Dêr sit de krêft mar ek de swakte fan de Hânfêstkonstruksje.

De krêft is dat it Ryk de Europeeske wearden oangeande lytse talen ûnderskriuwt, praktisearret en dêroer rapportearret. Boppedat krijt de Ryksoerheid oanrikkemandaasjes oer hoe't dy ymplementaasje noch better kin sadat de soarchplicht optimaler ynfolle wurdt, of wêr't kânsen lizze om ek nije bepalingen te ratifisearjen en sa de fitaliteit fan it Frysk te stimulearjen. As dêr eat mis by giet, makket de RfE dêr oan it Ryksregear in krityske opmerking oer ('*Recommendations for improvement*'). Om't alle Europeeske rapportaazjes ek nei de Twadde Keamer stjoerd wurde, kin dy it kabinet bystjoere as dy dat nedich fynt. Dat is dus op papier in goede konstruksje.

Mar de swakte fan de konstruksje is dat it by it Frysk – lykas by in soad Europeeske minderheidstalen – om in taal giet dy't mar yn ien spesifike regio yn deistich gebrûk is. In regio boppedat, dy't eigen oerheden hat: de Provinsje Fryslân en de Fryske gemeenten. It laat ta de situaasje dat it Ryk foar Europeeske ynformaasje en ymplementaasje oangeande it Frysk yn 'e praktyk benammen nei de Provinsje sjocht. De Provinsje kin en wol ek in soad dwaan, mar der binne no ienkear party dossiers dêr't dy de bal by weromkeatse moat nei it Ryk, om't se gjin foech of gjin yngong hat. En dan ûntstiet de situaasje dat it Ryk troch de Fryske mienskip frege wurdt om eat te dwaan of te regeljen dat it eins yn earste ynstânsje sels

15 <https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/monitoring>.

al dwaan of regelje kind of moatten hie. Ek al wurdt der goed en faak oerlein tusken Ryk en Provinsje, dochs smyt dat ûnwinsklike situaasjes op, dy't benammen oan de oerflakte komme as Ryk en Provinsje harren fiifjierlikse BFTK meitsje. De ambysjes wurde ynhâldik faak wol dield, mar as it op ôfspraken oer ferantwurdlikheden oankomt, blykt it dochs faak griis gebiet te wêzen. It Frysk hat dêr úteinlik skea fan.

3 Ta in 'Lanlike Kennistafel Frysk'

Winsklikheid en doel

De situaasjes dy't hjirboppe beskreaun binne, kinne ûntstean om't it Ryk hinget op de ekspertize en de netwurken fan de Provinsje Fryslân. Op himsels is dat mei rjocht en reden, en fanút de yntegraliteit ek begryplik, mar it Ryk, mei syn bestjoerlike en amtlike sit yn De Haach, hat troch de ynhâldlike en geografyske ôfstân sels minder goed ynsjoch yn en fieling mei de swierrichheden en ûntjouwings oangeande it Frysk. Fan gefolgen sjocht it Ryk somtiden oer de eigen rol, posysje en ferantwurdlikheid hinne. Ek al feroaret lykas sein op it heden yn De Haach de grûnhâlding foar it Frysk oer perfoarst te'n goede, dat betsjut noch net dat de kennis en it ynsjoch al op it nivo binne om no ek duorjend goed ynfolling jaan te kinnen oan de eigen ferantwurdlikheid.

Mar dat is wol winsklik. Want by dy eigen ferantwurdlikheid heart ek it sels ynwinen fan kennis en it sels lizzen en ûnderhâlden fan kontakten, en dêrfoar net mear allinne nei de Provinsje te sjen. It Ryk kin nei de Provinsje delegearje dêr't dat neffens beide partijen winsklik of nedich is, mar moat ek sels in struktuer opbouwe om ynfolling te jaan oan de eigen ferantwurdlikheid foar it Frysk, sa't dy troch de Europeeske rapportaazjesykus oan de oerflakte komt, en sa't dy foar in grut part yn de BFTK konkretisearre wurdt.

It soe dêrom goed wêze foar it Frysk as it kabinet in fêst punt yn De Haach hat, dêr't de Ryksferantwurdlikheid oangeande de soarchplicht foar de fitaliteit sintraal stiet. In kennistafel, dy't as opdracht fan de Minister krijt om lakunes op dat flak te sinjlearjen en kânsen oan te tsjuten om dy te foljen. Boppedat kin de Minister fia dy tafel yn oanrin nei de sels-rapportaazje fan it Ryk rjochting de RfE ynformearre wurde oer relevante akademyske, kulturele en maatskiplike ûntjouwings oangeande it Frysk. Sa wurdt it Ryksregear sterker en struktureler bûn oan it Fryske taal-dossier en nimt it sels mear ferantwurdlikheid oangeande de soarchplicht foar de fitaliteit fan it Frysk.

DINGtiid pleitet, koartsein, foar it ynstellen fan in 'Lanlike Kennistafel Frysk', koartwei: LKF.

Taakopfetting en posisjonearring

Dy LKF, ûnder te bringen by it Ministearje fan BZK, is in gremium dat yn de optyk fan DINGtiid wurkje moatte soe binnen de ramten fan it Europeesk Hânfêst. De evaluaasjes fan de RfE – en yn it ferlinge dêrfan ek dy fan de BFTK, as útfieringsynstrumint fan it Hânfêst – foarmje ynput foar it fersterkjen fan de soarchplicht foar de fitaliteit, en dan benammen de oanrikkemandaasjes ta ferbettering fan de ymplementaasje. De Minister kin mei de LKF beprate hoe't it Ryk it bêste oan dy oanrikkemandaasjes foldwaan kin, en der in prioritearring yn oanbringe. Dat sil liede ta beliedsferbettering, en dêrmei ta positivere evaluaasjes.

Gauris wiist de RfE, by wize fan oanbefelling, op bepalings dy't noch net ratifisearre binne mar dat wol wurdich binne. Dat kin bygelyks wêze om't de situaasje eins al safier ûntwikkele is dat sljochtwei ûndertekenjen al kin, of om't soks tige winsklik is, bygelyks om't de Fryske mienskip oanjûn hat dat der ferlet fan is.¹⁶ It ûndertekenjen en ratifisearjen fan nije bepalings betsjut automatysk in ferbettering fan de posysje fan it Frysk en fan it boargjen dêrfan. It is dus net sa dat de lidsteat him net oan de ôfspraken hâldt, mar earder dat der kânsen binne om de soarchplicht foar de fitaliteit fan it Frysk noch better te boargjen. De LKF kin dy oanbefellings bestudearje, it Ryksregear oanwize hokker bepalings oft it fluchst en it maklikst ûndertekene wurde kinne, en útlizze wat dat betsjut foar de fitaliteit.

Troch op sa'n wize te wurkjen, binnen de ramten fan de Europeeske rapportaazjesyklus en yn it ferlinge dêrfan ek de BFTK, is der in helder, wurkber en foarspelber wurkplan, sawol ynhâldlik as yn de tiid. De rintiid fan de LKF kin keppele wurde oan dy fan it Europeesk Hânfêst – dêr't ek de syklus fan de BFTK oan keppele is – mei yn eltse Europeeske syklus ek in evaluaasjemomint.

In dúdlike posisjonearring en heldere taakopfetting is boppedat fan belang, sadat de LKF de opdracht effisjint útfiere kin en ûnwinsklike oerlaap mei oare gremia foarkaam wurde kin.

16 In goed foarbyld jout de brief oan DINGtiid fan Minister Dijkgraaf (OCW) fan 3 juny 2024, yn reaksje op in advys fan DINGtiid d.d. 23 desimber 2023. De Minister jout dêryn oan posityf te stean foar ús advys oer om artikel 8.1.d.iii fan it Europeesk Hânfêst te ratifisearjen, en dat yn 'e mande mei de Ministers fan BZK en Utlânske Saken (BZ) neier ferkenne te wollen. Sjoch ek fuotnoat 10.

De folgjende saken binne fan belang:

- De LKF is in Ryksyntern gremium dat ressortearret ûnder it Ministearje fan BZK en dêr amtlik troch stipe wurdt.
- De Europeeske rapportaazjes en, dêrút fuortkommend, de BFTK foarmje it ramt fan de LKF.
- De LKF hat gjin juridysk foech, gjin politike ferantwurdlikheid en gjin wetlike posysje.
- De LKF bûgt him benammen oer de rol en posysje fan it Ryk foar it Frysk oer.
- De LKF bringt gjin advizen op eigen manneboet út.
- De LKF kin de Minister wol wize op relevante maatskiplike ûntjouwings en aktualiteit oangeande it Frysk.
- De LKF docht net oan útfiering.

Neffens sa'n mal wurdt de LKF ynrjochte oan de hân fan besteande struktueren, mar follet it dochs in beliedsgat. Der is dan ek gjin oare maatskiplike, politike of bestjoerlike organisaasje dêr't de LKF ûnwinsklike oerlaap mei ferstoant. Der binne fansels lofts en rjochts altiten reitsflakken, mar it komt úteinlik oan op in tûke beminsking, in heldere taakstelling/agindearring en goede bestjoerlike ynbêding om te soargjen dat eventuele ynsidintele oerlaap konstruktif foar it Frysk wurket.

Ferhâlding ta DINGtiid

Apart omtinken fertsjinnet noch wol de ferhâlding ta DINGtiid; dat is it gremium dêr't de LKF neffens de boppesteande opset gefoelsmjittich noch it tichtst by yn de buert komt. Mar op fierwei de measte fan de niisneamde aspekten 'skoart' DINGtiid wêzentlik oars – benammen om't it in wetlik, ûnôfhinklik orgaan is, dat sels syn wurkaginda bepaalt. En by einsluten is it ek oan de Minister om de beide gremia op de goede wize te brûken: de LKF om ynsjoch te krijen yn de eigen rol en ferantwurdlikheid yn Europeesk perspektyf, en DINGtiid om te advisearjen oer hoe't dy ynsjoggen ta goed belied omset wurde kinne.

4 Gearstalling en wurkwize

Gearstalling

De Minister hat ús frege wat neffens DINGtiid in winsklike gearstalling fan de LKF is, yn relaasje ta it doel sa't wy dat sjogge. Dat doel is om de Rykssoarchplicht foar de fitaliteit fan it Frysk yn te foljen troch, as earstferantwurdlike oerheid, de oanbefellings fan de RfE dy't oan de rol fan it Ryk reitsje, ambisjeus en pro-aktyf op te folgjen, al of net fia de BFTK. It giet dus net om politike ynfloed yn De Haach, rjochte op it bystjoeren fan in grut beliedstema mei lanlike ympekt, mar om konkrete suggestjes om de situaasje foar it Frysk te ferbetterjen. Dat freget om in relatyf lyts mar slachfeardich gremium dêr't autoriteit, maatskiplik draachflak en saakkundigens inoar yn treffe.

De LKF bestiet yn ús opset út in bestjoerlik en in maatskiplik kontingint.

Bestjoerlik

Yn de LKF moat it Ryk sels op it heechste bestjoerlike nivo fertsjintwurdige wêze: de Minister fan BZK, dy't ek foarsitter is; dat wie ek de winsk fan de Twadde Keamer.

Ek is it winsklik dat der op heech bestjoerlik nivo in skeakel is nei de Provinsje Fryslân: ofwol de Kommissaris fan de Kening – dy't ommers ek boppe de partijen stiet – ofwol de deputearre dy't Frysk yn portefúlje hat. Dy persoan kin ek as fisefoarsitter fungearje.

Op it heden is de deputearre ek de Taalskipper. DINGtiid hat der al by werhelling op wiisd dat dat net winsklik is, om't dy rol dêrmei in provinsjaal-politike lading krigen hat. By de beminsking fan de LKF moat mei dy problematyk neffens DINGtiid goed rekken holden wurde. Men soe jinsels oars yn elts senario goed foarstelle kinne dat de Taalskipper as fêste taharker oanwêzich is, omreden fan effisjinje.

Tocht fanút de yntegraliteit fan de ferantwurdlikheid foar it Fryske taalbelied is it net mear as passend dat ek de foarsitter fan de Feriening Fryske Gemeenten (VFG) – of in oar lid fan de VFG dat dêrta troch de VFG sels oanwiisd wurdt – *qualitate qua* in sit yn de LKF hat.

De saakkundige op it mêd fan it Europeesk Hânfêst is net perfoarst in bestjoerder, mar wurdt dochs by it bestjoerlik kontingint rekkene, om't de Europeeske diminsje rekket oan de oerheidskeatling.

Maatskiplik

De ferbining mei de deistige taalrealiteit fan de Fryske mienskip moat op ferskate wizen boarge wurde: fia de jongerein, fia it kulturele fjild, fia de wittenskip en fia it ûnderwiis. Elts fan dy mêden moat fertsjintwurdige wêze, wêrby't DINGtiid net perfoarst foarstanner is fan ynstitútsbestjoerders, dy't ommers altiten ek oare belangen ha. Fierder tinkt DINGtiid dat it ferstannich is dat immen mei, oan de iene kant, Haachske ûnderfining en, oan de oare kant, yngreven kennis fan de Fryske situaasje in ferbinende rol spylje kin binnen de LKF.

DINGtiid, by einsluten, past in fêst plak as adviseur.

It bringt ús ta it folgjende útstel foar de gearstalling fan de LKF:

- Minister fan BZK (foarsitter; q.q.)
- KfdK/deputearre (fisefoarsitter; q.q.)
- Foarsitter/lid VFG (q.q.)
- Saakkundige Europeesk Hânfêst
- Wittenskipper
- Underwiisekspert
- Kultureel lieder/fizionêr
- Persoan mei politike ûnderfining en kennis fan it Frysk
- Jongere (=tusken 18 en 30 jier)
- *Foarsitter DINGtiid (advisearjend; q.q.)*

Ofhinklik fan de agenda kin de LKF oan de foarsitter fersykje om yn foarkommende gefallen oare fakministers te nûgjen by de gearkomste. En fansels kin altyd ekstra ekspertize op tema's nûge wurde. Sokke gasten ha gjin offisjele sit. Yn it ramt fan kontinuïteit is DINGtiid oars fan miening dat *alle* neamde leden in fêste sit ha moatte, en dat eventuele gasten allinne as oanfolling dêrop en net as ferfanging dêrfan – al of net foar ien kear – sjoen wurde moatte.

In sit oan dizze kennistafel foar it Steatekomitee Frysk, sa't de moasje foarstelde, fine we net logysk of winsklik yn de opset sa't DINGtiid dy foarstelt, om twa redenen: de LKF soe formeel in Ryksyntern gremium wêze moatte – ek al is fanút de yntegraliteit fan it dossier de rol fan de Provinsje wichtich – en boppedat moat Provinsjale Steaten skerp bliuwe kinne op it funksjonearjen fan Deputearre Steaten, seker salang't de rol fan de Taalskipper dêr noch belein is. As it provinsjale Steatekomitee fertsjintwurdige is yn in lanlik gremium – dêr't mooglik ek noch de deputearre oanwêzich is – driget op meardere wizen ferminging fan rollen dy't skaat bliuwe moatte.

Ynput & Output

De Europeeske en BFTK-sykly stjoere de ynput en output. De ynput foar de LKF bestiet primêr út de Europeeske evaluaasjes fan de RfE en de evaluaasjes fan de BFTK; ek fan belang is eventuele oanfoljende relevante dokumintaasje (bgl. oare bestjoersakkoarten, taalmjittings, ûndersyksferslaggen, moasjes, advysnotysjes). De LKF kin ek sels saken sinjalearje fanút maatskiplike ûntjouwings en aktualiteit.

De output bestiet út konkrete foarstellen oan de Minister fan BZK om, as koördinearjend minister foar it Frysk, it eigen belied en dat fan oare departeminten op it mêd fan it Frysk yn line te bringen mei de Europeeske evaluaasjes en oanrikkemandaasjes.

Om't de LKF gjin eigen middels hat, moat de tarieding fan sawol de ynput as de output barre troch de amtlike stêf fan BZK. Dêrta beneamt BZK in amtlik sekretariaat foar in perioade fan hieltiten fiif jier.

Gearkomsten

De LKF komt ienris it jier gear yn juny. In healjier foar de jierlikse gearkomste fan de LKF is der in amtlike tariedingsgearkomste. Dêryn wurdt de aginda foar de jiergearkomste fan de LKF taret en fêststeld; by de agindearring wurdt DINGtiid yntiids belutsen. De amtlik sekretaris nimt de aginda fjouwer wiken foar de jiergearkomste troch mei de foarsitter; fuort dêrnei wurdt de aginda oan alle leden foarlein. Der is altiten de mooglikheid dat ad hoc-punten oan de aginda taheakke wurde; dat kin oant twa wiken foar de jiergearkomste.

Gewoanwei is de gearkomste yn De Haach, al kin de LKF sels altiten oars beslute. Yn it jier dat de ComEx syn besite oan Nederlân bringt om syn fiifjierlikse evaluaasje ta te rieden, is de gearkomste altiten yn Fryslân; yn dat jier is ek de tariedingsgearkomste yn Fryslân, mei de mooglikheid om wurkbesites yn it fjild ôf te lizzen. De ComEx hat by syn besites *in situ*

altiten in petear mei twa fertsjintwurdigers fan de LKF, dêr't altiten minimaal ien lid út it maatskiplik kontingint by is.

De gearkomste sels bestiet út twa parten: in earste, ynhâldlik part, dêr't de ynput yn levere en taljochte wurdt, en in twadde, bestjoerlik part, dêr't de belutsen oerheden besluten yn nimme. By it earste part is de folsleine LKF oanwêzich, ynklusyf eventuele gasten, by it twadde part is yn begjinsel allinne it bestjoerlik kontingint oanwêzich, lykas ek DINGtiid, as adviseur.

Opfolging

De leden dy't net *qualitate qua* yn de LKF sitte, ha in sittingstermyn fan fiif jier, ôfstimd op de rapportaazjesyklus fan de RfE en de jildingsdoer fan de BFTK. Ofgeande leden kinne sels in foarstel foar harren opfolging dwaan, oant in healjier foar harren lêste gearkomste, sadat de tariedingskommisje weet hat fan de eventuele opfolger. De beneaming is lykwols altiten oan de LKF, by mearderheidsbeslút. De beneaming ta lid en it ôfgean as lid wurde altiten mei in skriftlike meidieling fanút it Ministearje fan BZK bekrêftige. In lid kin op syn heechst ien kear op 'e nij beneamd wurde. Der kinne net mear as trije leden tagelyk ôfgean. By de beneaming fan de earste generaasje leden moat rekken holden wurde mei in staffeling, sadat nei de earste termyn net tefolle leden tagelyk ôfgean.

Wurkplan en rintiid

De rintiid fan de LKF wurdt, lykas sein, keppele oan de rintiid fan it Europeesk Hânfêst. It wurk fan de LKF wurdt dellein yn in perioodyk wurkplan. In rintiid fan trije jier foar in wurkplan is gaadlik, sadat yn eltse Europeeske syklus altiten minimaal twa wurkplannen rinne, wat in beskate fleksibiliteit mooglik makket. Ynterne evaluaasje moat in fêst plak krije yn de wurkplansystematyk, bygelyks yn elts twadde wurkplan. De Minister stjoert it wurkplan en it evaluaasjerapport fan de LKF altiten foar kundskip oan de Twadde Keamer, mei ôfskriften oan Deputearre Steaten fan Fryslân en de VFG.

5 Ofslutend

DINGtiid tanket de Minister foar it advysfersyk. We tinke op de boppesteande wize in yngeande ynfolging jûn te hawwen oan de fragen fan de Minister, oan de strekking fan de moasjes dy't ta it advysfersyk oproppen ha en oan de geast fan it Europeesk Hânfêst en de Wet gebrûk Fryske taal, dy't it ultieme fûnemint ûnder al it oerheidsbelied oangeande it Frysk foarmje. Foar in suksesfolle en slachfeardige LKF komt it al oan op rolfêstens, transparânsje en in tûke *modus operandi* op it mêd fan tarieding en útfiering. Dat binne dan ek wichtige ûnderwerpen yn it ferfolchtrajekt, dat ta konkrete ymplementaasje liede moatte soe.

Dat ferfolchtrajekt soe goed ynstart wurde kinne mei in 'DINGpetear' (minysympoasium), benammen om't de neiere útwurking fan de LKF in saak is fan mienskiplik oerlis fan de belutsen oerheden. Sa'n momint tsjinnet ek om de histoaryske stap dy't de ynstelling fan in kennistafel foar it Frysk yn it hert fan de macht betsjut, te markearjen. Want dât it in histoaryske stap is, dat sil nimmen ûntstride.

www.dingtiid.frl

ynfo@dingtiid.frl

© DINGtiid